

## **Beslút fan 11 desimber 2018, mei skaaimerke 01593514, ta wiziging fan de Subsydzjeregeling kultuer en mienskip Fryslân foar de paragrafen 5.1 (Grutskalige sporteveneminten) en 5.2 (Fryske sporten).**

Deputearre Steaten fan Fryslân,

Mei yn acht nimming fan kêst 1.3, fjirde lid fan de Algemiene subsydzjeferoardering provinsje Fryslân 2013

### **beslute**

de Subsydzjeregeling kultuer en mienskip Fryslân as folget te wizigjen:

#### **Kêst I**

##### **A.**

Kêst 5.1.9 wurdt as folget wizige:

1. Yn kêst 5.1.9, ûnderdiel f, wurdt de punt oan de ein ferfongen troch in puntkomma.
2. Nei kêst 5.1.9, ûnderdiel f, wurdt in ûnderdiel taheakke, nammentlik:
  - g. oankeap fan shirts foar dielnimmers is net subsidiabel, of it moat wêze dat dizze oankeap foar frijwilligers, skiedsrjochters of sjueryleden is.

##### **B.**

Kêst 5.2.9 wurdt as folget wizige:

1. Yn kêst 5.2.9, ûnderdiel f, wurdt de punt oan de ein ferfongen troch in puntkomma.
2. Nei kêst 5.2.9, ûnderdiel f, wurdt in ûnderdiel taheakke, nammentlik:
  - g. oankeap fan shirts foar dielnimmers is net subsidiabel, of it moat wêze dat dizze oankeap foar frijwilligers, skiedsrjochters of sjueryleden is.

#### **Kêst II**

Dit beslút giet yn op de dei nei de datum fan útjefte fan it provinsjaal blêd dêr't it beslút yn pleatst wurdt.